

Tekst: Nikee Fuchs (IPABO, Alkmaar)

Oersetter: Durkje Verbeek, Wethâlder Gemeente Achtkarspelen

Einredakteur: Janny Bottema

## De dreamtraktaasje

Stuiterjend gong Milo op bêd, want moarn soe it syn jierdei wêze! De hiele famylje kaam gesellich op besite en hy soe allegear kadootsjes krije. Earst moast er fansels noch nei skoalle ta, mar dat wie foar Milo gjin probleem. Op skoalle syn jierdei fiere fûn hy nammentlik ek hartstikke leuk. Hy hie fanmiddei mei mem de állermoaiste traktaasje fan de wrâld makke. Fan mem mocht hy hielendal sels witte wêr't hy op traktearje soe, dus wiene se tegearre nei de winkel ta gien om alle dingen dy't hy lekker fûn op te heljen. Under lei no in grutte skaal mei popkorndoaskes, fol mei kleurige suertsjes en sûkelade. Under it foljen fan de doaskes hie er tige syn bêst dwaan moatten om net alles sels op te iten.

Nei in skoftke wie Milo sa slûch dat er djip yn 'e sliep foel. Hy dreamde oer in magysk plak. Dy wrâld wie hiel bysûnder om't alles fan snobbersguod makke wie! Yn syn dream huppele Milo fernuvere troch de suertsjewrâld. Syn liif begûn der fan te rommeljen. De stoepe wie hielendal fan sûkelade makke en út de rôze wolken foelen suertsjes nei ûnderen ta. Milo hie der nea earder oan tocht om syn eigen hûs op te iten, mar dat feroare doe't er by in ûnbidich grut popkornhûs del rûn. Foar him allinnich wie dat hûs wol hiel grut, miskien moast er dochs mar yn it lytse suertsjehûs wenjen gean? Milo waard wat kleverich fan de suertsjerein, dus skûle hy gau ûnder de soerstôkbeam.

Milo wie der net wis fan oft hy wol fan de suertsjewrâld ite mocht, mar dêr kaam er fêst wol efter as er it besykje soe. Foarsichtich stuts er syn hân út en fong in suertsje út 'e loft. Hy stuts it yn 'e mûle en makke in spronkje fan gelok. It wie ien mei ierdbeismaak, dy fûn er it lekkerst! Doe't Milo ienkear begûn wie mei snobjen koe er net mear ophâlde. Der wie ek hielendal net ien yn 'e buert dy't him tsjinhâlde koe! Hy biet yn de stoepe, slikke oan de beammen en knabbele oan de huzen oant er sa fol siet dat er op de grûn lizzen gean moast. Spitigernôch wie de grûn ek noch fan sûkelade makke. Hy koe gjin snobbersguod mear sjen! It smakke allegear net mear sa lekker as earst. Milo's toskene diene sear, hy hie krampen yn 't liif en it fiede oft er spuie moast! Al gau streamden de triennen him oer de wangen. Hy woe nooit wer safolle snobbersguod ite!

Snokkerjend waard Milo wekker yn syn eigen bedsje. Hy wie no net mear mislik, mar noch hieltyd hiel bot skrokken. Hy klom fan bêd ôf en draafde nei de keamer fan heit en mem. By mem har kessen stie er stil: “Mem, mem,” flústere er. Stadich waard mem wekker en seach ferheard nei de gûlende Milo. “Wat is der oan ’e hân, jonkje?” frege se sêft. “Mem, ik mei dochs sels kieze wat ik moarn op skoalle útdiele sil?” frege Milo. “Ja fansels, dat hasto dochs al dien, leave?” antwurde mem. “Ik wol wat oars traktearje,” sei Milo, dy’t hiel wis wie fan syn saak. “Ik wol se allegear in mandaryntsje jaan, sûnder snobbersguod!” Mem moast laitsje en struts Milo troch it hier. “Moarn sille wy efkes nei de winkel en dan helje wy allegear sûne mandaryntsjes foar dyn klasse,” sei se sêft.

Nei in krûper fan mem gie Milo wer op syn eigen bêd lizzen. Hy wie gelokkich net mear fertrietlik, want alles wie dochs noch goed kommen. Hy dreamde wer oer de suertsjewrâld, mar dizze kear liet er alles lekker lizze...

